

**SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 39 Reglemint fan Oarder**

Rjochte oan DS / lid DS	Poepjes Underwerp: ekologysk behear provinsjale bermen
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>Yn 2011 is in oar meanbelied fêststeld foar de provinsjale bermen. Feiligens stiet dêrby foarop, mar tagelyk ek in ekologysk bermbehear mei mear blommen en flinters, twa kear per jier meane yn stee fan faker, stroken stean litte foar floara en fauna.</p> <p>Mei it nije yntegrable meanbelied koe ek in grut bedrach fan likernôch € 150.000 per jier besparre wurde.</p> <p>Letter hat de Provinsje ek noch mei it inisjatyf nommen ta in trochgeand 'bijenlint' troch de hiele provinsje hinne.</p> <p>Neist kostebesparing en feiligens is it doel fan dit hiele belied yntegraal: natuer, duorsumheid, lânskipsbeleving, biodiversiteit.</p> <p>Noch hieltyd krije wy as polityk fragen fan boargers dy't har steure oan it meanbelied. Rûchwei de iene helte wol dat alles 'netsjes' en keal is, de oare helte steurt him der oan dat de ekologyske stroken mei blommen ensfh. 'rücksichtslos' troch leanbedriuwen en Rykswettersteat plat meand wurde. Guon miene te sjen dat it de ferkearde kant út giet mei dit meanen.</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none">1. Kloppet it dat der de lêste tiid wer folle mear fan de bermen, sleatskanten en oerhoeken meand wurdt as der earder ôfpraat wie? Hokker oarder fan grutte (m2) hawwe wy it dan oer?2. Kinne jo oantoane dat it ôfprate bermbehear, wêrûnder it ekologyske aspekt, noch hieltyd skerp en neffens de oarspronklike ôfspraken útfierd wurdt troch de leanbedriuwen en oaren? Graach jo ûnderbouwing.3. Binne jo mei ús fan miening dat it tsjinstridich oerkomt dat de Provinsje in soad publisiteit jout oan it saneamde Bijenlint, dat ek aardich wat jild koste hat, wylst der mooglik troch minder te meanen neffens de doelen fan 2011 itselde resultaat helle wurde kin?4. Binne jo noch hieltyd mei ús fan doel om fol yn te setten op yntegraal en ekologysk bermbehear, foar natuer, duorsumheid, lânskip, lânskipsbeleving en biodiversiteit? Wat dogge jo konkreet om leanbedriuwen, gemeenten en it Ryk hjir yn mei te krijen c.q. wer op te skerpjen?

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hantekening)
	FNP, Wopke Veenstra

Datum	30 juny 2016
-------	--------------